

**Apollonios fan Rhodos**  
**De Tocht fan de Argonauten**

oerset troch Klaas Bruinsma

neffens de tekstútjefte fan R.C. Seaton (1912)

## Kolofon

ISBN: 978 90 8954 851 1

1e printing 2016

© Fryske oersetting Klaas Bruinsma, 2016

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8901 AA Ljouwert

Tillefoan: 058 - 289 48 57

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

Oerset neffens de tekstútjefte fan R.C. Seaton (1912)

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

De oersetter betsjûget syn tank oan Auke Hansma fan Beetstersweach en oan Martine Kamphorst fan Ljouwert foar har help.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Apollonios fan Rhodos

# De Tocht fan de Argonauten

oerset troch Klaas Bruinsma

neffens de tekstútjefte fan R.C. Seaton (1912)



## Al wer in Odyssee

Dit is de Odyssee nei it goud fan de ein fan de ierde,  
wûn troch de helden fan Hellas, dy't dêr har libben foar weagen.  
Dit is it dicht fan de Argo, it skip dat de moedige farders  
troch de skriklikste stoarmen droech oer de grousume seeën  
tank sij de kundige stjoerman, dy't rotsen en wynstilten mijde.  
Dit is it lochboek fan Jason, waans wil om it ûnrjocht te wreekjen  
sterker wie as syn wiisheid, en dochs syn opdracht folbrocht hat.  
Dit is 't ferhaal fan de leafde fan Jason en fan Medéa,  
dryste prinsesse út Kolkhis, mar ek in tsjoenster en hekse,  
dy't sels de aaklike proai waard fan kennis fan deadlike krûden  
en fergiftige wie troch de wrok en de wraak fan har herte.  
Lêzer, sykje de skat, troch de Argonauten al burgen,  
want Jo sill' yn Jo geast de skat fan it Gouden Flues fine,  
as Jo de ein fan de Tocht fan de Argonauten besyld ha.

Klaas fan Easterein.

Nikólaos Euróteles



## Ynhâldsopjefte

Ynlieding	9
Boek I	17
Boek II	61
Boek III	103
Boek IV	147
Ynhâld yn 't koart	203





# Ynlieding

## 1 De tiid fan de skriuwer

Apollonios (ca. 295 - 225 f. Kr) libbe yn 'e tiid fan de Ptolemeeën, dat wienen de opfolgers fan Aleksander de Grutte. Dy hie yn Aleksandrië, Egypte, stifte in wrâldferneamde bibleteek. Apollonios wie in kollega en letter opfolger fan Kallímakhos, it haad fan de bibleteek. De beide dichters hienen op it literêr mêd ûngelikense ideeën. Kallímakhos miende, de tiid fan it lange epos wie foarby, en hy skreau koarte en spitse fersen. Apollonios lykwols wie fan betinken, dat it lange heldendicht yn homearyske styl noch altyd weardefol wie en neifolge wurde moast. Dat docht dúdlik bliken út syn Argonautika.

It skeel rûn sa heech, dat Apollonios ôfsette nei it eilân Rhodos. Dêr waard er wol wurdearre en hat er syn tanamme krigen, en is as sadanich bekend wurden.

## 2 It dichtwurk fan Apollonios

*De Tocht fan de Argonauten* (Argo-farders) is dúdlik in neifolging fan Homêros syn Odusseia. It is dus yn de styl fan it epos, ek wat it thema oangiet: de lange speurtocht (kweeste) nei it *Gouden Flues*, de mannichte fan spannende en bytiden grouwélige aventoeren, de striid tsjin reuzen, draken en wylde bisten, tsjin de natoerkrêften, en it yngripen fan goaden en goadinnen. De taal, de fersmjitte (6 fersfuotten yn de rigel) binne homearysk. Mar Apollonios hat gâns fariaasje oanbrocht. Syn wurk is gjin klisjee.

Boppedat is it dicht ferriike mei in nij elemint, te witten de *leafde*, de tragyske leafde fan Jason en Medéa, mei wrok en wraak en lijen.

De Argonautika is skreaun ± 250 foar Kristus, dus 500 jier nei Homêros.

Boek I: 1358 fersrigels	Boek III: 1399 fersrigels
Boek II: 1286 fersrigels	Boek IV: 1781 fersrigels

Totaal: 5824 fersrigels

### 3 It Gouden Flues

Yn de Grykse mythology fine we it ferhaal fan Friksos en Helle, twa ke-ningsbern út Boiotia. Om oan har kweade styfmem te ûntkommen, flechten hja op in raam mei in gouden flues. Mar op de flecht oer see foel Helle yn it wetter en ferdronk. Dêrom hat dy see de namme Hellespont: Helles See. Friksos berikte Kolkhis oan de eastkust fan de Swarte See. Dat is hjoeddedei Georgië (Russ.: Grûzjyn) yn de súdlike Káukasus. Dêr offere Friksos de raam oan Zeus en joech it Gouden Flues ta presint oan kening Ajêtes, dy't Friksos fermoarde.

Yn in hillich wâld, hingjend yn in beam, waard it ramme-flues bewekke troch in neasliepende draak. Dit wie it lân fan kening Ajêtes, waans dochter Jason holpen hat mei har tsoenderij.

Jason wie in omkesizzer fan Pélias, dy't syn broer Aison ferdreaun hie en it regear oer Jolkos (Noard Grikelân) bemastere. Jason woe fan omke Pélias de hearskippij werom ha. De smjunt ûnthiet him dy, op betingst dat Jason him it Gouden Flues brocht. Mar hy hope tagelyk, dat Jason dêrby omkomme soe, en dy kâns wie yndied grut, sjoen alle gefaren fan sa'n riskante ekspedysje. Yndied is it Jason - mei help fan de slúchslimme hekse Medéa - slagge it Gouden Flues te bemasterjen, mei skriklike aventoeren. Dat waard dus de Tocht fan de Argonauten. Mar wêrom weage Jason mei syn 'helden' it libben foar sa'n faai aventoer? Hie begearte nei goud de eangst foar de dea oerwûn? Of wie it doel de moard op Friksos te wreekjen en sa oansjen te winnen? Hoe dan ek, Jason en Medéa kamen werom mei it Gouden Flues. De reaksje fan omke Pélias wurdt net ferteld, spitigernôch.

### 4 It skip Argo

It skip Argo wurdt yn Homêros syn Odyssee neamd yn Boek XII. It wie mei help fan Athene boud troch Argos.

*En sa't de âldtydske barden ús ferhelje hie Argos  
't skip mei bekwamens boud op 'e oanwizings fan Athene,* Arg. I - 18, 19

*Dêrom bliek Argo it treflikste fartúch fan alle skippen,  
fan safoll' as besocht ha de see mei roeien te hifkjen*

Arg. I - 114, 115

It skip hie wol wat aparts: op in stuit begjint in balke te sprekken!

*Doe klonk in machtige skreau út 'e Págasai haven en ek joech*

*Pélias Argo sels in jûchhei as de oantrún ta d' ôfreis!*

Arg. I - 523, 524

Fierder wurde yn de Odyssee al neamd Jason, syn heit Aison, syn omke Pélias en Medéa har heit Ajêtes, de grimmyt dy't it Gouden Flues besiet. Blykber wie yn dy tiid it ferhaal fan de Argonauten al bekend.

## 5 De Argonauten

It skipsfolk fan de Argo wurdt fuort yn it begjin al neamd, de fiifenyftich helden, dy't helt fan tiden gjin helden wienen.

As earste wie oannommen Orfeus, de siferspiler:

*En hja sizze dat Orfeus troch de klank fan syn lieten  
yn it berchtme de ûnferwrigbere rotsen betsjende  
en dat er lyksa de streaming fan de rivieren berûze.*

Arg. I - 26 - 28

*Sa wie Orfeus oannomd as helper yn 't wrotten troch Jason,* Arg. I - 32

Ik neam se net allegearre, mar inkeld dy't opfalle lykas de sjenner Mopsos:

*Apollo de soan fan Lêto*

*hie de man ûnderrjocht' yn orakels en godsspraak fan fûgels.* Arg. I - 66,67

*En út Euboia kaam Kanthos, dy't longere nei d' ekspedysje en  
stjoerd troch Kanêthos, Abas syn soan. Mar Kanthos soe nimmer  
werkeare yn Kerinthos; it needlot wie him beskern dat*

*hy tagelyk mei Mopsos, dy't kundich wie yn orakels,  
swalkje en stjerre soe yn 'e grinsgebieten fan Libië.*

*Want gjin ramp is te fier fan minsken om har te reitsjen* Arg. I - 78 - 83

Sa wurdt dus de tragyk hjir al foarsein. Ek kamen Hérakles, man fan it moedige herte, mei syn maat Hulas. Beide ferdwine letter.

En as lêste kaam Idmon:

*En as lêste kaam Idmon, fan alle bewenners fan Argos.  
Alhoewol't er syn deadslot út fûgeltekens fernomd hie,  
kaam er; dan soe it folk him net syn eare fergunne.*

Arg. I - 140 - 142

Fierders:

*Tifus, Hágrias' soan, liet 't Sifaiyske folk fan de Thespiërs  
efter, hy wie bekwaam ta foarsizzen it rûzjen fan weagen  
fan it seewiid en út 'e stân fan de sinn' en de stjerren  
stoarmfleagen op te meitsjen en gaadlike tiid om te farren.* Arg. I - 106 - 109

Dêrom waard Tifus de stjoerman. Hy stjert yn in fier lân, hy wurdt opfolge troch Ankaïos, dy't in soan fan Poseidon sels is, de seegod.

En dan Eufêmos:

*Hy draafd' oer de brâning fan 't blaugrien  
seewiid, mar hy bewiette net de wynflugge fuotten*

Arg. I - 181, 182

Erginos en Ankaïos wienen bekwaam yn seemanskip en oarloch.

Yn elts gefal:

*En de keardels fan d' Argo  
blonken as blinkende stjerren tusken de wolken,*

Arg. I - 239 - 240

It skipsfolk kiest Hérakles ta har lieder, mar hy wiist dy eare ôf en seit:

*[“]Lit de man sels dy’t ús gearbrocht, ek de legerkloft liede.”* Arg. I - 347

Sa wurdt Jason de kaptein en lieder fan de ekspedysje. Mar is hy de rjochte man op it rjochte plak? Dat moat noch mar blike.

## 6 De goaden en goadinnen

De dichter bidt “*Meie de Muzen myn sangen fertolkje!*” (Arg. I, 22)

Lykas wenst yn in epos wurd earst in godheid oanroppen. Yn de Argonautika is dat Foibos Apollo (Arg. I - 1). Lykas by Homêros binne de ûnstjerlike goaden yn alles ferbûn mei de stjerlike minsken en oarsom. De helden beromje har dêrop en:

*sa binne ek alle oare maten dy’t Jason folgje,  
berne as soannen of bernsbarn fan de ûnstjerlike goaden.* Arg. III - 365,366

De Argonaut Télamon:

*en dit is Télamon, fan de romrofte  
Áiakos is er in soan. Zeus sels hat Áiakos oanset.* Arg. III - 363, 364

Noch in foarbyld:

*Ek kamen Zêtes en Kalais, dat wienen Bóreas’ soannen;* Arg. I - 211

Winlik binne de helden *heróes*, healgoaden.

De goadinne Athene hat Argos oanwizings jûn foar de bou fan it skip (Arg. I, 18, 19).

Oan it begjin fan it ferhaal fan Jason en Medéa ropt de dichter Érato oan, de Muze fan it leafdedicht, har namme is ferbûn mei Eros, de god dy't mei syn pylken - à la Amor - de sinlike leafde wekket. Yn dit epos is er in mislik, gemien fintsje, dat falsk spilet (Arg. III, 114 ff). Troch syn mem Afrodite wurdt er ta pylksjitten oerhelle mei de priis fan in gouden bal! Dêr kin grif net folle goeds fan komme. De pylkwûne is in boarne fan smerten (sjoch Arg. III, 279). En yn Medéa har hert baarnde yn it ferhoalen *deadlike* Eros (sjoch Arg. III, 297).

De manlike goaden binne nea foarbylden fan deugd. Hja strune en huorkje mar raak, en heit Zeus is dêrby nûmer ien.

De goadinnen komme der better ôf. Mar it binne wol Hera, Athene en Afrodite dy't it komplot smeie foar Medéa, de prinsesse dy't in hekse is. En Medéa, de gifmingster, tsjinnet Hékaté, goadinne fan tsjoenen en magy.

## 7 Medéa en Jason

De tragyske leafde fan Jason en Medéa is grif it bêste part fan it epos, yn literêr en psychologysk opsicht. Medéa hat de moed (of de wanhoop) om har heit te ferleagenjen, en nettsjinstearde skriklike eangst, te kiezen foar Jason (sjoch Arg. III, 614 ff). Mar kin hja Jason wol wier leafhawwe? Jason is in egoïst en opportunist dy't ferlet hat fan help. Syn myldens en beloften neamt er leafde foar Medéa. Is it leafde, as men - lykas Medéa - der net foar tebekskrillet, jins eigen broer te fermoardzjen, om it faaie liif te rêden fan de deadlike wraak fan heit Ajêtes? (Boek IV) Kin it doel, it Gouden Flues te bemasterjen, alle middels en manieren hilligje?

Lês dit wurk en foarmje sels jo oardiel. En betink dat hjir noch net iens de grouwélige ein fan de tragedy stiet, as yn it drama fan Eurípidés. Dêr deadet hja har eigen twa jonges, as wraak op Jason syn troublek. Nee, hjir is de ein fan de tocht in 'happy ending', nei alle spannende en ôfgryslke aventoeren yn de woestyn fan Libië (Arg. IV, 1228).

Apollo wiisde de wei út it tsjuster. En de dichter nimt ôfskie mei:

*En op 'e kust fan Págasai binne jim fleurich oan lân stapt. Arg. - IV - 1781*

Hoe't hja ûntfongen binne troch omke Pélias, de smjunt, fertelt it ferhaal net.

## 8 De oersetting

Dizze oersetting berêst op R.C. Seaton syn tekstútjefte fan 1912. Ik haw ôfsjoen fan in ûnbidich register fan persoans- en plaknammen. It opsykjen en opdrinken fan dy see fan nammen yn dit reis- en leafdesferhaal sil de lêzer tefolle ôfremje en bedjerre. Wa't dat wol, kin yn de trefflike Nederlânske fertaling fan dr. W. Kassies alles, mar dan ek alles, fine. Dan sil him ek opfalle, dat dr. Kassies 6 *jamben* yn eltse fersrigel hat. Mar ik ha my hâlden oan it oarspronkelik metrum, de daktylske heksameter, dus 6 daktylen yn 'e rigel. Ferlykje myn oersetting fan Homêros (2 dielen, útjûn by Steven Sterk, no op 'e Gordyk).

Hooplik lit de lêzer him (in bytsje) betsjoeene troch Apollonios fan Rhodos, is de winsk fan de oersetter.

Klaas Bruinsma  
Drachten, 2016





## Boek I

### *Tarieding en ôfreis nei Kolkhis*

*De dichter ropt Foibos Apollo oan;  
de reden fan de Tocht wurdt útlein*

- Foibos, 'k begjin mei Jo; fan romrike manlju fan âldtiids  
sil 'k ferhelje; yn opdracht fan kening Pélias fearen  
hja troch de mûning fan Pontos; by de blauwe rotsen lâns stjoerden  
hja de goed boude Argo, om 't Goudene Flues him te heljen.
- 5 Sa nammers wie it orakel dat Pélias heard hie; dat him in  
haatlik lot wachte troch 't dwaan fan in man út it folk wei, dy't inkeld  
ien sandaal hie; hy soe troch dý man fermoarde grif wurde.  
Net lang dêrnei is it bard – en neffens de útspraak – dat Jason  
op syn fuotten ris rûn troch de stream fan de wintersk' Anauros.
- 10 Ien sandaal koed er rêd' út it slyk, mar d' oare dy liet er  
yn 'e djippte benefter; dy bleau yn 'e streammûning stykjen.  
Fuort gong er nei foarst Pélias ta; hy soe dielnimme oan it  
feestmiel dat Pélias bea oan syn heit Poseidon en d' oare  
goaden, mar hy bekroade him net om Hera Pelasgis.
- 15 Fuort seach de foarst him en hy oerlei en betochte foar him de  
wrakseling fan in moedsume seereis, sadat er op see of  
mank de útlânske minsken ferlieze soe de weromreis.  
Sa 't de âldtiidske barden ús ferhelje, hie Argos  
't skip mei bekwamens boud op oanwizings fan Athene.

*Alle helden fan de Tocht wurde opsomme*

- 20 No sil ik it komôf en de nammen der helden fertelle.  
en ek de lange wegen oer see en al wat hja dienen  
by harren swalkjen, en meie de Muzen myn sängen fertolkje!

Lit ús no earst neame Orfeus, alear troch Kalliopé berne,  
 dy wie – sa wurdt ús ferhelle – troud mei Oiágros fan Thrakië.  
 25 Him hie Kalliopé berne tichtby de hichte Pimpléia.  
 En hja sizze dat Orfeus troch de klank fan syn lieten  
 yn it berchtme de ûnferwrigbere rotsen betsjouende  
 en dat er lyksa de streaming fan de rivieren berûze.  
 Dy wylde iken – oant no ta de tekens fan Orfeus syn spyljen –  
 30 dy't op 'e kust fan Thrakië waakse en stean yn “de Zône”,  
 stean ticht opien yn rigen, deselde dy't er alearen  
 ûnder de tsjoen fan syn siter út Piéria laat hie.  
 Sa wie Orfeus oannomd as helper yn 't wrotten troch Jason,  
 Aison syn soan. En Orfeus wie hearrich oan d' opdracht fan Jason.  
 35 Dit wie Orfeus, de hear fan Piéria fan de Bistonen.  
 Fuort dêrnei kaam Astérion, berne troch frouwe Komêtes  
 by de wieljende wetters fan de rivier d' Apídanos.  
 Dy wenne yn Peirésia by de berch fan Fulleion.  
 Dêr komt de grutte Apídanos gear mei de blinkend' Enipeus.  
 40 Beide fan fierren kommen, binn' dêre op ien punt hja gearfloeid.  
 Nei harren kaam út Larisa Polufêmos, de soan fan  
 Eilatos; dy hie alearen mei de oersterke Lapithen  
 striden, doe't de Lapithen har wapenen tsjin de Kentauren.  
 Dat wie yn jonge jierren, mar no wie de lea him sa moedsum,  
 45 swier fan jeld; syn kriichshaftige geast wie krekt lyk alearen.  
 Likemin bleau yn Fúlaké Ífiklos lang jit benefter,  
 d' omke fan Aison syn soan, want Aison hie troud syn suster.  
 Dat wie Fúlakos' dochter Alkimede; syn sibskip  
 makke dat Ífiklos opnommen waard en teld yn de karkloft.  
 50 Ek Admêtos, de skieprike lânhear, wjend yn Ferai  
 bleau net wei fan de foet fan de pyk fan de berch fan Khalkódon.  
 Net yn Álope bleauwen Hermes syn soannen, oan nôtfjild  
 ryk, en yn listen hiel tûk: Erutos en broer Ekhíon.  
 En by de ôfreis ferteach mei harren as tredde har sibbe  
 55 Aithalos' soan; by de stream fan Amfrusos dêr hie him berne  
 Eupolemeia, Murmidons dochter, wjend yn Ftia.  
 Antianeira, Menêtes syn dochter, hie d' oare twa berne.

En nei 't ferlitten fan 't rike Gurton, kaam ek Koronos,  
 soan fan Koineus, wol dapper, mar net dryster jit as syn heit wie.  
 60 Barden fertelle dat Koineus, doe't er jit fleurich libbe,  
 troch de Kentauren omkaam, doe't er, apart fan de oare  
 foarstriders, harren jage, mar oarsom foelen hja oan, mar  
 koenen him net fierder bûge litte, noch him fergrieme.  
 Mar net bûgd en net brutsen sonk er ûnder de ierde,  
 65 plette troch mânske dinnen, dy't mei geweld op him dondren.  
 Dêr kaam ek Mopsos út Titaris; Apollo, de soan fan Lêto,  
 hie de man ûnderrjocht' yn orakels en godsspraak fan fûgels.  
 Ek kaam Eurúdamas, Ktímenos' soan; hy wenn' yn 't Dolopysk  
 Ktímené, dat net fier fan de mar fan Ksúnias ôf leit.  
 70 Aktor stjoerde – wiswrychtich! – syn soan Menoitios út Opoes.  
 dat er beselskipje soe de pommeranten fan 't skipsfolk.  
 Ek folge har Eurútion en ek de sterke Eribótes,  
 d' ien soan fan Téleon, de oar fan Iros fan Aktor.  
 En de soan fan Téleon wie de romroft' Eribotes  
 75 en Eurútion soan fan Iros; as tredde wie mei har Oíleus  
 dy't yn mannemoed útblonk en tûk wie yn efterfolging  
 fan de flechtsjende fijân, wannear't hja de linys tebekslaan.  
 En út Euboia kaam Kanthos, dy't longere nei d' ekspedysje en  
 stjoerd troch Kanêthos, Abas syn soan. Mar Kanthos soe nimmer  
 80 werkeare yn Kerinthos; it needlot wie him beskern dat  
 hy tagelyk mei Mopsos, dy't kundich wie yn orakels,  
 swalkje en stjerre soe yn 'e grinsgebieten fan Libië.  
 Want gjin ramp is te fier fan minsken om har te reitsjen,  
 want de maten ha har yn Libië balsem' en begroeven,  
 85 sa fier fan Kolkhis wei as de ôfstân tusken de opgong  
 en de ûndergong fan de sinne is te oanskôgjen.  
 Mei Kanthos kamen gear Klútios en Ifitos, beide  
 wienen Oikhália's wachters, hja wienen Eúrutos' soannen.  
 Eúrutos hie fan Apollo syn bôge hân, mar geniete  
 90 net fan de jeft, want hy kampe út eigen wil mei de jouwer.  
 Nei harren kamen Áiakos syn soannen, net beide tegearre,  
 ek net fan 't selde plak, want as ballingen fêstigen hja har

- fier fan Aigina, neidat hja yn dwaasheid harren broer Fokos deade hienen, Télamon wenne op 't Attyske eilân:
- 95 Peleus lykwols wiek út en sette 'm yn Ftia nei wenjen.  
 Nei harren kaam út Athene Bûtes, de dappere strider,  
 fikse Téléons soan, en Falêros, mei sterke spear wapne.  
 Alkon syn heit hie him stjoerd, ek al hie er gjin oare soannen  
 mear om syn âlderdom en ûnderhâld te fersoargjen.
- 100 Lykwols hie hy syn iennichste soan stjoerd, dy't him sa djoer wie,  
 sadat hy útblinke soe midsmank de drystmoedige helden.  
 Theseus lykwols, dy't útblonk bopp' al Erechtheus syn soannen,  
 waard troch in tsjustere bân ûnder de ierde wjerhâlden,  
 want hy wie mei Peiríthoös gien dy wei; beide hienen
- 105 grif it geskrep foar de taak foar allegear makliker makke.  
 Tifus, Hágrias' soan, liet 't Sifaiyske folk fan de Thespiërs  
 efter, hy wie bekwaam te foarsizzen it rûzjen fan weagen  
 fan it seewiid en út 'e stân fan de sinn' en de stjerren  
 stoarmfleagen op te meitsjen en gaadlike tiid om te farren.
- 110 Sels hie Arkadysk Athene him trune te gean nei de kloft fan  
 oanfierders, hy wie wolkom as bûnsmaat neffens har winsken.  
 Sels hie Athene it rap skip ûntwurpen en mei har help hie  
 Argos, Arestor syn soan 't op Athene har oanwizings makke.  
 Dêrom blik Argo it treflikste fartúch fan alle skippen,
- 115 fan safoll' as besocht ha de see mei roeien te hifkjen.  
 Ek kaam by harren Flías fan 't gea fan Araithuréa.  
 En hy wenne yn rykdom mei geunst fan hear Dionusos,  
 dy't syn heit wie, tichtby de boarnen fan de Asópos.  
 En út Argos wei kamen Tálaos en broer Arêjos.
- 120 Bias syn soannen, en sterke Leódokos, berne út Pêro,  
 dochter fan Neleus, troch hár hie Áiolos' sibbe Melampoes  
 swier ûnheil lijd en leed en dat barde yn Ífíklos' wente.  
 Wy hearre net dat Hêrakles, man fan it moedige hert, de  
 daging en it fûle begearen fan Jason ferachte.
- 125 Mar doe't er hearde 't berjocht, dat de helden har samlen, ferteach er  
 út Arkadië wei en hy ferliet it Argos fan Lurkos  
 oer de wei dêr't er droech de libbene ever, dy't foer fûn